



YN DIZZE EDYSJE

MOARKE  
IT RIEDSEL FAN  
DE SKULP  
STJERREREIN

SJOCH ÛS

OP DE  
TIENERSCHOOL

# SJOCH ÚS DE TIENERSCHOOL

Tekst en foto's: Atsje de Vries

## IN SPIKSPLINTERNIJE SKOALLE YN SNITS

Snits hat in nije skoalle. Net gewoan in nij gebou, mar écht in nije skoalle. In nij soart skoalle sels: foar bern fan 10 oant 14 jier. Tienerschool Sneek is dan ek de namme. Alle bern én de juffen en masters op dizze skoalle binne dit skoaljier nij.



Is dat net spannend, dyn eigen fertroude basisskoalle achterlitte foar in hiele nije skoalle?

**Tygo:** Ik krige op myn âlde skoalle net genôch oandacht fan de juffen. As ik in fraach hie en de hân omheechstuts, waard ik faak oerslein. Myn âlders hiene oer dizze skoalle lêzen en fûnen it wol wat foar my. Ik woe earst net, mar doe't ik nei de iepen dei west hie, wie ik om. En it moaie is, as ik hjir in fraach ha, wurd ik fuort holpen!

**Indy:** Ik siet al yn groep 8 en moast dochs nei in oare skoalle, ik socht in skoalle dy't passend ûnderwiis biede koe. Myn broer sit op in gewoane skoalle, hy is bygelyks goed yn wiskunde, mar net sa goed yn Nederlânsk. Wiskunde is foar him dus faak te maklik, mar Nederlânsk wer te dreech. Op dizze skoalle soargje se foar passend ûnderwiis, dus dregere wiskunde ast der goed yn bist en makliker Nederlânsk ast dat dreech fynst.

**Batu:** Ik siet ek yn groep 8 en Impulse yn Ljouwert like my wol wat. Mar dan soe ik altyd mei de trein en de bus moatte, dit is makliker.

**Famke:** Myn mem tocht dat it wol wat foar my wêze soe. Hjir hoech ik my net te bewizen. Ik tink no elke dei: yes, ik mei nei skoalle. Echt wier.



**Niels:** Ik wist net wat ik nei groep 8 woe, eins socht ik in tuskenjier om't ik noch wat jong bin foar de grutte skoalle. Ik koe noch in kear groep 8 dwaan, mar dat soe wol saai wurde. Dizze skoalle is de oplossing. En ik ha no ek kâns om nije freonen te meitsjen.

**Amber:** Ik siet krekt as Tygo yn in grutte groep wêr't net foar elke fraach plak wie. Yn groep 6 wiene ús groepen boppedat trochinoar helle en dat soe no wer barre. Dêr hie ik gjin sin yn, dus de Tienerschool kaam op it goede momint.

Op de Tienerschool sitte bern fan 10 oant en mei 14 jier trochinoar yn 'e klasse. Guon fakken (rekkenjen/wiskunde en taal/ Nederlânsk bygelyks) krije de bern yn ferskillende groepen. Wa't oars noch op 'e basisskoalle siet hat dus rekkenjen, wa't al âlder is, krijt wiskunde. Mar bist supergoed yn

in fak, of just net sa, dan meist ek by de oare groep oanslute. Wat is noch mear in grut ferskil mei in gewoane skoalle?

**Indy:** We hawwe hjir in coach, ien dy't goed wit wa'tst bist. Dat kin ek makliker om't it in lytse skoalle is. We binne dit skoaljier mei 33 bern begûn.

**Amber:** En we krije hjir gjin hús wurk!

Jim binne allegearre wol ôfgryslík posityf oer de Tienerschool. Moai fansels, mar kin der echt neat better?

**Tygo:** No ja, it plein soe echt wol moaier kinne

**Batu:** En we meie net fan it plein ôf, op de grutte skoalle soe dat wol meie.

**Famke:** We geane elke dei oant 3 oere nei skoalle.

**Niels:** En yn 'e lunchpauze moat it in kertier stil wêze. Bêst wol saai.

Aha, dochs noch in bytsje romte foar ferbettering dus ;) Mar dêr wurdt al oer praat mei de direkteur. It hat wol wat, sa'n lytse skoalle!

